



Foto: Hippe Kiek Fotografie

Lês-mar-foar-wiken!

Fan 9 o/m 27 septimber binne it de Lês-mar-foar-wiken. Dan wurdt rûnom yn Fryslân foarlêzen: op de berne-opfang, by gastâlden, op skoallen en fansels thús!

Tomke & Keimpe

Mei de Lês-mar-foar-wiken krije alle pjutten fia de opfang, bibliotek en konsultaasjeburo in prachtich nij Tomke-foarlêsboekje. It tema is diskear 'eigenwiis', wat oanslút op it tema fan de Kinderboekenweek yn oktober. It Tomke-boekje ferskynt ek yn it Bildts, Stellingwarfs en Franekers. Bern fan 4 o/m 8 jier krije in nij Keimpe-boekje op skoalle of kinne it fergees ophelje by de bibliotek. Omdat Keimpe dit jier 5 jier wurdt, ferskynt der in echte Keimpe-memory en in spesjale 'Lês-mar-foar-rap'!

Minyboekjes by de Poiesz

Mar der is mear: yn de moanne septimber kinst acht Fryske foarlêsboekjes sammelje by de Poiesz. Alle wiken ferskine der twa nije boekjes dy'tst fergees meinimme kinst by oankeap fan in griente- of fruitoanbieding. Op=op!

Mear foarlêze?

Sjoch op websjop.afuk.frl foar de nijste Fryske berneboeken. Of kom nei de bibliotek, dêr kinne bern fergees prachtige Fryske boeken liene en mei de Lês-mar-foar-wiken binne dêr ferskate lê-, dûns- en muzykfoarstellingen te folgjen. Op 14 septimber mei *Uit in Huis* wurdt der middeis foarlêzen yn de Prinsetún yn Ljouwert. Komme jimme ek?

www.lesmarfoar.frl

16 oktober 2024
Aeres MBO, Ljouwert - Leeuwarden

**Ynspiraasje
Inspiratiedag**

wy binne
mbû

Na het succes van de inspiratiedagen *Wy binne mbû* en Burger-schap organiseren we dit jaar wederom een gezamenlijk vervolg.

Op 16 oktober 2024 sil de Ynspiraasje plakfine by Aeres MBO yn Ljouwert. De middei fol ynspiraarjende workshops op it mêd fan boargerskip, meartaligens, praktyksituaasjes en mear, is by te wenjen troch elk dy't yn en mei it mbû wurket.

De middei stiet yn it teken fan trije tema's: boargerskip en identifikaasje mei de meartalige regio, taalbewustwêzen en taalhâlding binnen it regionale taalklimaat en taalfeardigens. Der binne workshops oer ferbingingen oangean

mei dysels, de oar en de wrâld, oer meartaligens op persoanlik mêd, yn de iepenbiere romte, yn de klasse en yn it berop, en der binne workshops oer meartaligens, taalûnderwiis en it belang fan (mûnling) taalgebrûk yn de les.

Wy binne mbû is een samenwerkingsverband tussen Aeres, Firda en Afûk en is onderdeel van Taalplan Frysk 2030. Samen hebben wij als doel de positie van het Fries in het middelbaar beroeps-onderwijs te versterken.

Lees meer over de Ynspiraasje en het samenwerkingsverband *Wy binne mbû* op onze website.

www.wybinnebu.frl

Gearwurking fan Onderdeel van

Oant sjen yn ús winkel

ADRES
Boterhoek 3
Ljouwert
(058) 234 30 70

IEPENINGSTIDEN
Tiisdei o/m freed
10.00 - 17.00 oere

ynfo@afuk.frl
www.afuk.frl

/stichtingafuk
 /StichtingAfuk

14 septimber is de winkel iepen fan 10.30 - 17.00 oere. Wês Wolkom!



Dokter, mei it ek yn it Frysk?

As pasjint yn it sikehûs wolst de ynformaasje dy'tsto oer dyn sykte of behandeling krijst fansels graach goed begripe. De animaasjefideo's yn dyn memmetaal helpe dy dêrby! Indiveo hat nije animaasjefideo's makke dy't troch de Afûk oersetten binne yn it Frysk. Alles mei-inoar binne der no al mear as hûndert fideo's yn it Frysk beskikber. Tsjek www.afuk.frl/dokter-mei-it-ek-yn-it-frysk foar mear ynformaasje.



Yllustraasje: Marit Törnqvist

Foar *Do bist de leafste* skreaunen Hans en Monique Hagen leave gedichtsjes oer de deistige digen fan it libben. Eppie Dam soarge foar in prachtige oersetting.

In betoverjend kadootsje foar dysels of om wei te jaan op in jierdei, as kreamkadootsje, of samar omdatst ien 'gewoan' hiel leaf fynst. Foar 3+ en folle âlder.



Foar dizze en oare boeketips, sjoch op websjop.afuk.frl of scan de QR-koade.

Boeketip 5

1 **Pake Sytse**
Rink van der Velde
€ 17,90

Pake Sytse is in klassiker yn it wurk fan Rink van der Velde. It is de bjusterbaarlike histoarje fan Sytse Cavelier, dy't as jongkeardel samar ferdwûn, ferteld troch pakesizzer Jehannes.

2 **Do bist de leafste**
Hans en Monique Hagen
Oersetter: Eppie Dam
€ 12,50

In tidleas boek foar alle leeftiden mei leave gedichtsjes fan Hans en Monique Hagen en mei sfearfolle yllustraasjes. Eppie Dam hat in prachtige oersetting makke.

3 **Stip syn graafmasine**
Eric Hill
€ 12,50

Stip helpt heit mei it graven fan in fiver by de pleats. As de fiver klear is, duorret it net lang of dêr hast de earste besikers al.

4 **Koade Read**
Koos Tiemersma
€ 19,95

Koade read is in ferslach út 'e frontliny fan de enerzjytransysje. In boek fol mei emoasjes, dy't heech oprinne sa gau as de realisaaasje werklik yn sicht komt.

5 **Oan wjerskanten fan de Styx**
Sipke de Schiffart
€ 20,-

Oan wjerskanten fan de Styx stiet yn it teken fan in tema dêr't elk minske ier of let mei te krijen hat: de dea. Yn de fersen wurde alle fasetten fan de dea behannele.